

Knilles op Kreta

útbrocht op de LP/CD Húske

wy bin wer werom fan fakânsje
de karrewein stiet foar op it trotwaar
'k ha fiiftûzen kilometer riden
en oeral wie't striemin waar

Em	C
Em	D
C	Bm
A	Em

de jirpels te min om te fretten
sa glêzich en glei, 't wie in griis
as griente mar trije tusearten
en dy smakken sa soer en sa fiis

koest nearne hast heineken krije
en fan altyd wer wyn wurdst sa wurch
mar lokkich hie'k sels noch wat meinaam
sa dronken wy dus bearenburch

de jûns yn it tsjuster nei it húske
ik taaste al nei de húskepot
mar se hawwe dêr neat om op te sitten
en ik glied mei myn foet yn sa'n gat

de befolking is dêr o sa freonlik
sei it boek fan de ANWB
mar hollanners koene se wol sjitte
dus hood ik myn herder mar ree

hjr thús sjochsto allegear dútsers
en ik tink wolris: wat in ferstân
om mei in auto sa fier fuort te fleanen
't is hjir ommers krekt it bûtenlân

moarnier moat ik wer nei de baas ta
dat komt my sa noflik wer oan
't wurdt hjerst en aanst komt de winter
it libben is dan wer gewoan